

---

## Omfreegjen Kommisjegearkomste

---

<b>Fan</b>	:	<i>Tsjerk Bouwhuis FNP - De Wind</i>
<b>Oan</b>	:	De foarsitter fan de kommisje
<b>Underwerp</b>	:	Sinnegreide Toppenhuzen
<b>Kommisje</b>	:	Doarp, Stêd en Omkriten
<b>Datum kommisjegearkomste</b>	:	12-01-2021

---

### Oanlieding:

Yn novimber 2017 hat de ried planologysk ynstimd mei de realisasje fan in sinnegreide by Toppenhuzen. In fraach dy't de ried har sels no ôffreegje kin is: Soe dat ek bard wêze, at we de ynformaasje doe hand hiene, dy't we no hawwe? Wa is de inisjatyfnimmer "echt" en hoe is it draachflak yn Toppenhuzen "echt".

Yn maaie 2018 stie der in tige kritysk artikel yn it NRC "Grondspectatie verpakt als groene belegging". Dit wie letter dy moanne ek de oanlieding fan de FNP fraksje om hjir yn de ried fragen oer te stellen, en it kolleezje te freegjen gebrûk te meitsjen fan de wet bibob.

Nei alle kommoasje om de inisjatyfnimmer hinne en de ferûntrêstende publikaasjes yn NRC en LC hat Doarpsbelang Top en Twel besletten net langer efter de plannen fan sinnegreide te stean. In sitaat út it jierferslach 2018/2019 fan Doarpsbelang

"Het plan wat zo mooi leek te zijn heeft toch echter een wat andere zijde gekend".

Yn de aktive ynformaasje fan 9 oktober 2018 jout it kolleezje oan dat besletten is om de oanfraach fan de sinnegreide te toetsen oan de wet bibob. En in goed jier letter yn in nije aktive ynformaasje (12-11-2019) dat der ûnder betingsten - nei oanlieding fan it bibob ûndersyk - meiwurking ferliend wurde kin oan de oanfraach fan de sinnegreide.

Yn de betingsten, dy't oant de dei fan hjoed noch altyd swartlakt binne op Ruimtelijkeplannen.nl, sels nei in útspraak fan de rjochtbank dat se iepenbier wêze moatte, stiet dat der binnen 9 moanne in finansjele 'ontvlechting' plak finne moat tusken A\* en B\* en binnen 12 moanne in akkountants ferklearring oan de gemeente te ferstrekken.

---

*\*om gjin nammen te neamen wurde de persoanen hjir A en B neamd. It kolleezje wit wa 't hjir bedoeld wurde.*

### Fragen:

- 1) Is de wurkwize mei dubieuze grûn transaksjes fan inisjatyfnimmer "Powerfield" toets oan de wet bibob?
  - 2) Is it Bibob-advys op de jûste wize oernommen yn de betinksten fan de omjouwingsfergunning?
  - 3) Is de jûste ynformaasje oanlevere by it ûndersyk bibob troch de inisjatyfnimmer? Omdat B al gjin algemien direkteur mear wie bij de inisjatyfnimmer op it momint dat it bibob ûndersyk útein sette, en no wol by de finansjele ûntflechting yn de betinksten neamd wurdt.
  - 4) Wêrom binne de betingsten yn de omjouwingfergunning noch altyd net iepenbier op Ruimtelijkeplannen.nl, nettsjinsteande de útspraak fan de rjochter op 31 maart 2020?
  - 5) Hat it kolleezje op of foar 14 novimber 2020 in akkountants ferklearring ûntfongen mei de finansjele ûntflechting tusken A en B?
    - Sa ja, is de omjouwingsfergunning fan de sinnegreide dan no dochs ferliend?
    - Sa nee, is it kolleezje it mei de FNP fraksje en De Wind iens dat de omjouwingsfergunning ynlutsen wurde moat omdat de inisjatyfnimmer net oan de betinksten foldien hat?
  - 6) De inisjatyfnimmer hat yn 2019 in grutte boete fan de AFM krigen. Is it foar de ynwenners fan Top en Twel wol fertroud om mei sa'n inisjatyfnimmer yn see te gean troch obliigaasje te keapjen?
-